

## Noflike forhalen út de Trochreed fan Huylckenstein bondele

It like wol in famyljereuny, snein-to-middei 1 desimber yn Boalsert, om noch justjes krekter to wêzen, fan de famylje Bouwhuis út 'e Parregeastermar. Machtich as de miggen, is it sizzen dan wolris, wie neiteam, neven en nichten fan Jan Bouwhuis, tasetten nei 'Ons Gebouw', deun njonken de midsieuwske Broeretjserke yn de âlde Middelseestêd. Se wienen mei eardere buorlju, freonen en bikenden fan 'de Trochreed' fan Huylckenstein, it âlderein- en forpleechhûs yn Boalsert, ôfkommen op de presintaesje fan it forhalebok fan 'doarps-/strjittegenoat' Jan Bouwhuis, silger.

De titel fan it boek jowt kreas oan hoe 't en wer 't de forhalen yn de geast – en fansels net to forjitten, út de pinne – fan Bouwhuis ûntstien binne. It libben leit ommers op 'e strjitte, al is dat libben dan biheind ta in pear gongen yn en by in forpleechhûs; hy hat it opfandele en der hwat nijsgjirrichs fan makke, in hiele keunst.

Dy titel is: 'De Trochreed, yn 'e lijte fan Huylckenstein.' Sa sit it mar krekt. De 'Trochreed' is de namme fan ien fan de wenwjukken fan Huylckenstein, dêr 't Bouwhuis de lêste jierren fan syn lange libben – hy waerd 94 - trochbrocht hat. Mei koartswyl wit hy (earder boer en skriuwer, of moat it oarsom?) deistige saken - segaren smoke, op 'e tiid in slokje, hwat kaertspylje, in praetsje oer it waer, in kuijerke, in knipperke, ensafuorthinne - to forwurdzjen, yn syn memmetael. Karakteristiek yn de sfeartekening: Gauris komt der oan de ein in hiel forrassende clou op it aljemint, dy 't de lêzer, of de harker (hwant tige geskikt om foar to lêzen) laitsje of op syn minst efkes gniisgobje lit. Nea is syn pinne yn fenyn ûnderdompele, altyd posityf oansjen tsjin de mooglikheden dy 't men op sa 'n leeftiid noch hat. En dat bisykje oer to bringen nei jo 'lotgenoaten/buorlju.'

It inisjatyf foar dizze, it moat sein wurde kreas útfierde útjefte, lei by de bern fan de forstoarne skriuwer. Se hienen yn de neilittenskip dizze forhalen foun. Dat moast earst bisinke. Mar it bigoun to kideljen, stadichoan; dy forhalen fregen om in printer, en dy waerd foun. Omt syn dochter Doortje in sit hat yn it bistjûr fan de Gerben Rypma Stifting, sit se tichteby de oan de Stifting relatearre utjowerij, dy 't as namme DeRyp hat. Goed, healwei dit jier gie de kûgel dan troch de tsjerke. Der waerden prikken yn it wurk set om in moai produkt ôf to leverjen. Foar de opmaek waerd in birop dien op Johan Bouwhuis, miskien noch hiel yn de fierte bisibbe oan de skriuwer, mar dat is lang net wis, die er to witten.

De iepening en wolkom wie in putsje foar Hille Faber, primus en inisjator fan de utjowerij.

Sietze Bouwhuis rekke koart op 'e tekst oer de 'eigenaerdigheden' fan syn heit. 'Hy hat altyd,' sei Sietze, 'nocht hawn oan de skriuwerij. Syn earste boekje dat nou al wer desennia forlyn yn it ljocht jown waerd, wie 'It kin wier wêze';

dat binne folksaerdige forhalen, sa 't er dy opheinde yn Gaesterlan, it gea dêr 't er berne is.'

It is gjin tafal dat Sietze yn Wikel bidarre is. Dat fêstlizzen fan dy forhalen, doe noch wol hiem yn dy omkriten, barde hast as fansels yn syn memmetael.

'Thús hiene wy soms hiele diskusjes oer in wurd, in sizwize. Dat wiene nijsgjirrige petearen.' Om oan to jaen itjinge er bidoelde, smiet Sietze it wurd 'tribelich' yn it formidden. Dat wurdt net folle mear brûkt, mar it bitsjut soks as hinn'en wer, mar ek wer net hielendal. It wurdboek jowt 'Onbestendig'. It forhael mei dy titel lies er dêrom as 'illustraesje' foar.

Ek wie senior warber yn bistjûrsformiddens. Sa waerd er op in stuit siktaris yn it bistjûr fan de suvelkooperaesje 'De Goede Verwachting,' it fabryk dêr 't hy ek de molke oan levere. Notulen fansels yn de memmetael.

Doe 't de fabryk, dy 't wilens al in protte oare kooperaesjes yn 'e baitsjebûse stutsen hie, fiifensawntich jier bistie, wie Jan Bouwhuis de krechte persoan om in lyts jubileumboekje gear to stallen. Hy biskreau dêryn mei in flotte en humoristyske pinne de fabriken dy 't op dat stuit opgien wiene yn 'De Goede Verwachting.' De titel waerd 'Troch waer en wyn.' In singelier tiidsdokumint, dat tsjintwurdich hast rôversguod is foar mei de suvelhistoarje bigiene lju. Dat jo it mar efkes witte.

Doe 't Jan Bouwhuis op 'de Trochreed' kaem to wenjen, bidarre er tusken minsken dy 't fan in oare kleur wienen. Hy rekke goed bifreone mei Spyksma, in 'steile' grifformearde man. Bouwhuis wie lykwols aerdich oekumenysk ynsteld en as der in oare kleur as syn eigen op de preekstoel forskynde siet er ek ûnder it gehoar. Onderzoekt alle dingen en behoudt het goede, of net. Mei syn grifformearde confrater analyseerde er dan neitiid de preek en kamen hast altiid ta de konkluzje dat der eins gjin forskil ynsiet!

Tusken de bidriuwen troch wie der muzyk fan Tjitte Feenstra, hoe soe it ek oars wêze, famylje.

Wer 't wy allegear op sieten to wachtsjen, hwant it doel fan dizze middei: Hwa kriget it earste exemplaar?

Nou, dat mocht Hille Faber oerlangje oan frou Betsy Bosma-Rypma, jawis komt ek yn de pedigree foar. Se wie tige ynnommen mei dizze foar har folslein as in forrassing út de hege hoed tsjoende literaire 'knyn', sa to sizzen.

Se stiet bikend as foardrager/foarlêzer en dit boekje sil har goed fan pas komme, sei se yn har tankwurd. En om eefkes oan to jaen hoe 't se dat docht, krige de seal in pear priuwkes fan de forhalen to hearren. Dat bitsjutte tagelyk it bigjin fan de ein fan in noflike middei.

Mei it sein: 'Rom sitte, mei in hapke en in drankje,' in spesjaliteit fan de GR-Stifting, waerd de wurklist fan dizze snein ôfsletten.